

Jierferslach Fryslân Fûns 2022

Ynlieding

Ein 2021 krige it Fryslân Fûns it earste fersyk foar stipe foar in projekt yn Spannum. Stifting Mei-inoar Spannum frege in bydrage foar it organisearjen fan in aktiviteit yn de poëzy-wike yn febrewaris 2022, tegearre mei de legere skoalle 'De Tarissing'. De bern mochten in eigen gedicht yn it Frysk betinke. Ienige betingst wie dat it 'Wintermoarn' hjitte moast. Op dy wize woene hja betinking jaan oan in âld-ynwenner fan Spannum, Waling Dykstra. De gedichten waarden oan 'e ein fan de wike oanbean oan in boere-brulloftspear. De Stifting Mei-inoar Spannum organisearret yn 2023 in iepenloftspul yn Spannum en woe, ek yn ferban mei de sluting fan de skoalle, al wat lytse projekten yn it foar dwaan.

Stipe-oanfragen

Neist boppesteande oanfraach hawwe wy noch twa kear stipe tasein.

It Krystkongres fan de Ferinieging fan Fryske Studintenferienigings krige in bedrach fan 250. Hja organisearre elts jier dit Kongres om mei ferneamde sprekkers in diskusje oan te gean oer in ûnderwerp oer de takomst fan Fryslân. Foar mear ynformaasje kinne jo sykje op ItNijs.frl mei it stekwurd 'Krystkongres'.

En begjin 2023 sil útjouwer Fier it Frysktalige e-boek 'Kongo' útjaan. Mei namme it ynnovative karakter fan it projekt, en de gearwurking mei de Fryske biblioteken wiene foar ús oanlieding de stipe ta te sizzen.

Oare oanfragen binne om ferskate redenen net trochset. Ien wie it fersyk om stipe foar in Nederlânsktalich boek oer de psykiatry yn Fryslân (net Frysktalich). Ien fersyk is weromlutsen, twa binne net behannele fanwegen net genôch ynformaasje, twa fersiken kamen te let binnen.

Wy hawwe besletten yn de earste jierren alle fersiken om stipe noch yn in gearkomste te besprekken en noch net fia mail as whatsapp. Dit om ûnderfining op te dwaan mei de ynformaasje dy't wy nedich hawwe, de kritearia dy't wy tapasse, ensfh.

Foar oanfragen is no in standert oanfraachformulier beskikber en op te freegjen by de skriuwer.

PR

As fûns yn opbou is it fansels nedich in protte oandacht te freegjen foar it Fryslân Fûns. Sa hawwe wy yn 2022 in banner makke dy't wy pleatse kinne by gearkomsten en eveneminten om sa oandacht te krijen foar it Fryslân Fûns. En in poster (A3) makket it ús mooglik by biblioteken, doarpshûzen en oare publike lokaasje oandacht te jaan oan it Fryslân Fûns.

Ek bliuwt it fansels nedich oandacht te freegjen foar ús *crowdfund*-aksje 'Nije tiden, oare kneppels'. Wy hawwe mails útstjoert nei ferskate listen en wy hawwe berjochten pleatst op de sosjale media.

Om't it notariaat in wichtige rol spilet as it giet om legaten, skinkingen en testaminten hawwe wy in brief mei folders nei alle notarissen stjoert mei it fersyk dy mei harren klanten te besprekken, as se fernimme dat der neitocht wurdt oer skinkingen oan doelen lykas dy't it Fryslân Fûns stipet.

Yn de twadde helte fan 2022 hiene wy in moaie opstekker. De Provinsje Fryslân sei ús, út ien fan de subsydsje-potsjes, it moaie bedrach ta fan €4800 foar it opsetten en útfieren fan in promoasje-kampanje foar it Fryslân Fûns. Yn oktober/novimber hawwe wy reklamespotsjes útstjoere litte (dy't no noch te hearren binne op regionale stjoerders), advertinsjes pleatst yn tal fan kranten, in parseberjocht útstjoerd en fia de sosjale media oandacht frege foar it Fryslân Fûns.

***Crowdfund*-aksje 'Nije tiden, oare kneppels'**

De *crowdfund* mooglikheid foar it projekt 'Nije tiden, oare kneppels', fia geef.nl, is úteinlik op 31 desimber stoppe. Wy hawwe mei-inoar in bedrach fan €2548 beskikber foar juridyske stipe, mocht dêr in fersyk foar komme. It jild bliuwt earmerke foar dit doel. Wy hawwe de termyn wat ferlinge fanwegen boppesteande promoasje-kampanje foar it Fryslân Fûns en dermei it fûns 'Nije kneppels'.

Bedriuwen

Wy hawwe besletten ek bedriuwen oan te skriuwen foar in freegjen om in bydrage foar it Fryslân Fûns. Dat hat al in moai bedrach opsmitten dat wy geane hjir ek yn 2023 wer mei oan de slach.

Finânsjes

Sjoch de jierrekken 2022 foar mear ynformaasje. Moai is dat de liening dy't wy krigen hawwe fan de Ried fan de Fryske Beweging omset is yn in skinking. Ek hawwe wy no in eigen formulier foar it oanmelden fan in periodike skinking.

Bestjoersgearkomsten

Wy hawwe yn 2022 as bestjoer 7 gearkomsten hân.

Reguliere bestjoersgearkomsten wiene op 22 febrewaris, 22 april, 8 july, 30 septimber en 11 novimber.

Op 19 augustus hawwe wy as bestjoer neitocht oer ús takomst en stratezjy, in saneamde heidesessy.

Op 9 desimber hawwe wy in gearkomste hân mei Luc Tayart en Sybren Singelsma. Luc Tayart is âld-direkteur fan it Koning Boudewijn Fonds yn België. Hy woe ús ideeën oan de hân dwaan om de posysje fan it Fryslân Fûns te ferbetterjen. It wie Sybren Singelsma dy't it idee krige ús te ferbinen mei it KBC. Hy wie tagelyk gesprekslieder fan de gearkomste.

Bestjoersleden 2023

Reinder Bil, foarsitter

Hans Kort, skriuwer

Arjen Dijkstra, ponghâlder

Jehannes Elzinga, lid

Boalsert, 10 maaie 2023

Reinder Bil

Foarsitter

Hans Kort

Skriuwer